

Mais ûnder foly is nei sân jier ûnderfining wol ynboargere, mar fan in stevige trochbraak is noch gjin sprake. Wat is der yn de tuskentiid bard, en wêrom wifkje greidboeren om de technyk massaal te omearmjen?

Hege kosten fan maisteelt ûnder foly belette trochbraak yn Nederlân en België

### **In lúkse jas foar snijmais**

Mais tele ûnder foly is ûntdutsen yn Ierlân. De foly op it bêd fan de mais soarget foar in hegere temperatuer, sadat it sied earder útsprút en flugger ûntwikkelet. Uteinlik is dêrmei in earder momint fan rispen te realisearjen. As de draachkrêft it talit, kin de mais ûnder foly heal april siedde wurde. 'De betide rispinge beheint it risiko op struktuerskea,' fertelt Hein-Willem Leeraar. De adviseur besleat de technyk yn 2009 te yntrodusearjen yn Nederlân. Hy seach kânsen foar de teeltwize op grûnen yn benammen it noarden fan Nederlân, dêr't mais dreger te ferbouwen is. Neist it foardiel fan de betide rispinge is de teelt ûnder foly neffens Leeraar goed foar tûzen kilo setmoal ekstra de hektare, rûchwei tolve oant trettjin prosint mear as normaal. De maisplant profitearret earder en dêrtroch mear fan it sinneljocht yn de moanne juny. Dizze ekstra fotosynthese draacht by oan mear setmoalfoarming.

### **Ofrekkenje mei ûnkrûd**

Nettsjinsteande dizze foardielen is de teeltwize yn Nederlân en Flaanderen earder útsûndering as regel. De earste jierren wienen de erfaringen posityf en yn 2012 wie it areaal yn Nederlân groeid nei 1200 hektare. Mar troch de wiete maitiid kamen dat seizoen ek in oantal bernesykten oan it ljocht wêrtroch it areaal wer mei tritich prosint slonk. 'De siedmasine is bygelyks fiif oant seishûndert kilo swierder as normaal. Dat soarget soms foar ynsporing, leit Leeraar út. Foarich jier is der tusken de 650 en 700 hektare mais ûnder foly ferboud en neffens de ymporteur groeit dat alle jierren mei twa oant trije prosint. Tegearre mei de leanwurkers is de teelttechnyk ferbettere. 'De oandrukrol sit no foar op'e trekker, dat soarget foar in bettere ferdieling fan it gewicht. In luchtwikselingsysteem op de bannen docht dat ek' leit leanwurker Willem Heeringa út. In oar probleem dêr't mei ôfreckene wurde moast is de hege ûnkrûddruk. Troch de hege temperatueren ûnder de foly sprút net allinne de mais flugger út, mar kriget ek ûnkrûd frij spul. In bettere túchdeadzjend middel foar de boaiem is it ôfrûne jier ûndersocht en neffens Heeringa mei sukses. 'De masine is ek oanpast, wêrtroch der minder ferstoppen yn de filters foarkomme. En mocht der dochs in blokkade optrede, dan kriget de sjauffeur yn'e trekker in sinjaal dat it bestridingsmiddel net goed trochfloeit.' Op it lêst is de wize fan 'oanaardzjen' oanpast. It bêd wurdt flakker ôfwurke en der bliuwe minder groffe kluten oer. Dat ferbetteret de wurking fan de boaiemherbicide.

### **Jan Deeren: 'Tefreden oer resultaat, mar tydlik gjin ferfolch'**

De famylje Deeren út it Flaamske Veurne hat in stik as wat jierren erfaring opboud mei de teelt fan mais ûnder foly. Jan Deeren fertelt dat er goed te sprekken is oer de opbringst fan it gewaaks. 'It ôfrûne jier joech de mais ûnder foly 23 ton droege stof de hektare, dat wie by ús de heechste opbringst. De mais stie wol op in perseel freesd greidlân, dat jout altyd hegere opbringsten. De erfaring leart ús dat de mais ûnder foly op boulân in tritich prosint hegere opbringst jout as de tradisjoneel ferboude mais. Faak is ek de kwaliteit better.' Dochsjout de boer tydlik gjin ferfolch oan de teelt ûnder foly. 'It bliuwt dreech om de ûnkrûddruk ûnder kontrôle te hâlden op ús swiere poldergrûn. Betiid yn'e maitiid leit de grûn noch grof, wêrtroch it bestriden fan it ûnkrûd minder effisjint is. Benammen foar it lette ûnkrûd lykas de klokjebloom, is oanfolgende bestriding nedich,' leit Deeren út.

## **Trijehûndert euro djoerder**

Al mei al is it areaal fan 650 hektare op in totale maisteelt fan 210.000 hektare yn Nederlân noch wol beskieden. Neffens Hein-Willem Leeraar hat de oanpassing yn de betingsten foar derogaasje – tachtich prosint gers ynstee fan santich prosint gers – net holpen. 'It areaal oan mais is mei dêrtroch mei tsien prosint krompen. Ek de lege molkpriis spilet ús parten, wy merke dat de boeren besunigje.' De kosten fan de maisteelt ûnder foly lizze ûngefear 300 euro de hektare heger as by tradisjonele teelt en yn geunstichste gefal (gjin ekstra ûnkrûdbestriding) 185 euro (tabel 1) de hektare.

## **Ynvestearje yn boaiemkwaliteit.**

Jos Groten, maisûndersiker fan Wageningen Plant Research fan WUR, sjocht foaral it betide momint fan rispjen as foardiel fan mais ûnder foly, sûnder yn te leverjen op opbringst. 'De boaiem is hieltyd belangriker. Ast earder rispje kinst, kin de grienbedonger der heal septimber al yn. Dat is geunstich foar de organyske stofbalâns. Dit leveret yndirekt in hegere opbringst op de lange termyn. Dêrneist is by in betide rispinge op minder draachkrêftige grûnen de kâns op minne omstannichheden by de rispinge minder. Neist in betider momint fan rispjen sjocht Groten lykas Leeraar in heger setmoalgehalte as foardiel. De mais sil betider bloeie en dêrmei ek mear setmoal produsearje kinne. Skeptysker is Groten oer de opbringstferheging. 'As jo mais trije wike earder siedzje en rispje, is de opbringst net heger. Kieze jo foar in letter ras, dan komme jo wol ta hegere opbringsten, mar net oant in betider haaddoel. De finansjele foardielen sitte dus yn betider ferbouwe, in heger setmoalgehalte en in hegere opbringst op lange termyn, yn Noard en Súd Nederlân en yn Flaanderen.' Troch klassike feredeling is it momint fan rispjen de ôfrûne sân jier mei twa wike nei foaren helle. 'De wifeling dy't boeren by de folyteelt ha, kin dêr ek mei gearhingje. Neffens Groten sit dat betider ferbouwen benammen yn it oanfoljende rasûndersyk foar ultra betide snijmais, wêrmei maksimaal twa wike earder rispjen mooglik is as mei de betiidste rassen op de oanbefeljende rasselist.

## **Beheind sukses yn Flaanderen**

Yn Flaanderen wurdt mais ûnder foly wikseljend ûnderfûn (sjoch kader) Jan Halewyck neamt it in beheind sukses. De konsulint fan Boerenbond sjocht foar in part de derogaasje regeling as oarsaak. 'As in kweker earst in foarferbou gers rispje moat, dan kin hy net profitearje fan in betide datum om te siedzjen, omdat earst it gers der ôf moat, meastal yn de earste wike fan maaie. Dêrnei is de boaiem fan himsels al foldwaande waarm.' En alhoewol der begjannersfouten makke binne, wage de mearkosten noch amper op tsjin de baten, ek no't der mear ûnderfining is, stelt Halewyck.